

AD 1870

HISTOARYSKE KOMMISSJE
DE EASTERWIERRUMER
FREONERÛNTE



2002

Easterwierrumer Freonerûnte - 1870.



Herberch yn it sintrum fan Easterwierum. It is in illustraasje by it artikel fan Theo Kuipers oer in Easterwierrumer Freonerûnte yn 1870

Theo Kuipers
Klaaikluten

Easterwierrumer Freonerûnte, 1870

Theo Kuipers

Yn de koleksje hânskriften fan de Provinsjale Bibleteek is in lyts boekje (22 by 17 sm.) oanwêzich mei oantekens fan "Vriendenkring Oosterwierum". Krekt as de uterlike kant is ek de ynhâld beskieden. It hat 29 beskreaune siden, (elk 11 by 17 sm.) en rint fan 31 jannewaris 1870 oant en mei 1 maart 1871. Wat wie no einliks de opset fan dizze freonerûnte? En werom, sa liket it, hat it mar sa koart duorre?

Doel en organisaasje

It boekje iepent mei "reglement van de vriendenkring". Yn mar leafst 25 artikels wurdt út de doeken dien wat it doel is, wa lid wurde kin, hoe faak der gearkomsten binne, wer 't de leden har ta ferplichte ensfh. Yn artikel ien stiet: "De vriendenkring stelt zich ten doel: door onderlinge bijeenkomsten het gemeenschappelijk verkeer te bevorderen en tot elkanders nut werkzaam te zijn." Yn de praktyk betsjutte dat foardrachten. It lidmaatskip stie iepen foar "alle personen die den ouderdom van twintig jaren hebben bereikt" It blykt dat mei persoanen manlju bedoeld wurde. Want yn de oantekens fan 2 maart 1870 kin wy lêze "ook is nog voorgesteld door onze president om jaarlijks in de maand january eene vergadering met dames te houden. Nadat men dit een weinig met elkander besproken had is eindelijk het besluit gemaakt dat indien het enigzins kon, dit ook moest geschieden."

De freonen kamen allinnich yn it winterskoft byinoar. Der wie ôfpraat om dit te dwaan op de leste woansdei fan 'e moanne mar der is gauris fan ôfwykt. Der wie gjin fest plak want de gearkomsten wiene "beurtelings in een der herbergen in het gebuurte te Oosterwierum". Dat wie wol op betinkst dat de kastelein ek lid waard fan de freonen. De jierlikse kontribúsje waard stelt op fyftich sint. Net oanwêzigen krigen in boete fan tsien sint en dy't net op tiid wie, moast in stoer betelje.

De oprjochting fan de freonerûnte is wat apart. Yn de earste oantekens stiet der oer: "Deze vergadering werd geopend door den Heer Kuiper, president van de alhier bestaande IJclub. Genoemde voorzitter begon al dadelijk nadat hij de vergadering op de hem eigen zijnde welsprekende wijze geopend had, in rondvraag te brengen of er ook iemand op tegen had, dat men in eene fergadering der IJclub, ook de zaken zou bespreken aangaande de op te richten vriendenkring." Kuiper waard ek "president" fan de freonen, dokter P.Hamer waard vice-president en J.A. Postma krige de kombinearre taak fan skriuwer en ponghâlder.

Sân gearkomsten

Yn it boekje stean de oantekens fan sân gearkomsten. De earste twa kear wurdt der allinnich praat oer regleminten, de gearstalling fan it bestjoer en it oanstellen fan in boade. Yn totaal ha ik tsien foardrachten telt. Foar sa fier as ik it besjen kin is der seis kear gebrûk makke fan bestead materiaal.

De oare fjouwer kear binne it ynliedingen oer maatskiplike thema's.

Besteane stikjes:

- Baart in de kist
- De Wissel
- Het sterfbed in de hut
- De filosofe (??) eijeren
- De brandstichters
- Aan den Rijn van Borger (??)

Maatskiplike thema's:

- Onaangenaamheden in onze Vriendenkring
- Over de strijd
- Underrjocht yn de hynstehannel
- Straatlantaarns in Oosterwierum



De ynlieding oer de hynstehannel past aardich by de skiednis fan Easterwierrum. Breuker hat deroer skreaun yn it earste nûmer fan 2000. It is ek de ienichste foardracht wer 't fan sein wurdt dat dy yn it Frysk wie. Dat is opmerklik want we meie dochs oannimme dat de sprektal fan de freonen ûnderinoar Frysk west hat.

De ynlieding oer de strijtfelrjochting late ta in kommisje dy't ien en oar ûndersykje moast. Der wurdt praat oer it pleatsen fan in lantearne by de brêge yn it doarp, ien by "de aschbak" en ien by it heechhout "in de vogelzang". Dat slagget net

hielendal, want nei 't der in yntekenlist troch it doarp west hat blykt dat der mar jild is foar twa. Die wurde oanskaft.

It ein

Al op de earste gearkomste nei it simmerskoft (28 septimber 1870) hat "president" Kuiper syn twifels oer it fuortbestaan fan de freonerûnte. Hy iepent mei de fraach: "zoude het ook het beste zijn dat wij het bestaan van onzen vriendenkring tot het verleden lieten behooren?" Reden fan syn soarch wie it lytse tal oanwêzigen. Der wiene 50 regleminten drukt, mar in protte animo hat der nea west. De leste oantekens yn it boekje sprekke foar harren sels. Der binne mar acht leden oanwêzich en de boade moat der sels op út om sprekker S. Bijlsma fan hûs te heljen. Bijlsma is wol thús, mar komt net. Hy lit witte "dat hij de volgende vergadering de eerste

HISTOARYSKE KOMMISSJE "DE EASTERWIERRUMER FREONERÛNTE"

spreekbeurt zal vervullen, doch heden avond daartoe volstrekt in de onmogelijkheid was." Sa fier is it mooglik net mear kommen.

It mei dúdlik wêze dat der net in protte flecht op de koai wie. Ek de sprekbeurt fan Ligthart oer "de onaangenaamheden" yn de ploech kin in oanwizing wêze dat de freonerûnte net libbensfetber wie. De lêste rigel yn it boekje is einliks symboalysk foar it koarte bestean fan "Vriendenkring Oosterwierum". De skriuwer einicht mei de konstataarring dat "na eenige genoeglijke zamensprekingen de vergadering eenigzins vroeger dan gewoonlijk werd gesloten". Ferantwurdig: Koleksje hânskriften fan de Provinsjale Bibleteek ynventaris nûmer. 1161 (Ryksargyf).

[Klaaikluten, 2002, nr. 3](#)